



LIBERAAL
NOARDEAST-FRYSLÂN



Jiertal / saaknûmer: 2024-271802

MOASJE

Art. 48 RfO

Moasje oer in net op de agenda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 19 desimber 2024

Underwerp: Feiterelaas learlingeferfier

De ried,

heard it beried,

yn beried nimmend dat:

- it bestjoer fan Jobinder opstapplakken oanwiisd hat en Jobinder dit kommunisearre hat as in pilot foar opstapplakken yn it learlingeferfier, dy't starte soe op 6 jannewaris 2025 en dy't ûnderwilens foarlopich net troch giet;

fan oardiel dat:

- der in pilot opset wurden is mei in tekoart oan kommunikaasje, tiidsdruk, operasjonele en organisatoaryske tekoarten;
- it hastige berop op gesinnen net tsjûget fan in soad meitinken rjochting de learlingen en harren gesinnen;
- it begelieden fan dizze spesifyke doelgroep learlingen, freget om kennis en kundigens én in VOG;

fersiket it kolleezje om:

- yn petear mei de buorgemeenten en Jobinder op koarte termyn in analyze te meitsjen fan de tariedings en omstannichheden dy't lied ha ta it opsetten en net trochgean fan de pilot;
- om de ried te ynformearjen oer de nije ynsichten, oplossingsrjochtingen en senario's nei't de analyze dien is;
- by dizze oplossingsrjochtingen âlders en oare belanghawwenden te belûken en de belutsen gemeenterieden oer de útkomsten te ynformearjen;
- foar de simmer fan 2025 rjochting de ried mei in feiterelaas en takomstperspektyf te kommen oer de gong fan saken wat de pilot opstapplakken fan Jobinder oanbelanget;
- hjir yn mei te nimmen:
 - kommunikaasje;

- tiidline;
- it proses sa't dat ferrûn is;
- konklúsjes en oanbefellingen;
- hokker stappen der set wurde om nije problemen yn it skoallejier 2025-2026 te foarkommen;
- wat it oardiel fan it kolleezje is oer de kommunikaasje rjochting âlders, learlingen, de ried, ferfierders en oare wichtige belanghawwenden;
- yn 'e tuskentiid de extra fraach om learlingefier romhertich te organisearjen,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: Marije van der Staal (S!N), LNF, VVD, PvdA

Stimming	Foar: S!N, LNF, VVD, PvdA, FNP, CDA, CU, GBNF (27)	Tsjin: -
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 19 desimber 2024.

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer